[0394] In Frysk etymologysk wurdboek

Mei de publikaesje fan syn *Priuwke fan in Frysk ôfliedkundich wurdboek* yn *Us Wurk* fan gersmoanne 1969 (Jiergong 18, nû. 1-2) hat prof. Buma alle Fryske taellju en wier-wier net allinnich dy in tige deugd dien. Gauris wurdt de frage steld: hwat bitsjut dit of dat wurd winliken; hwer komt it wei? By in hiele protte minsken libbet de nocht oan it komôf fan de wurden en de nammen dy't se brûke. In dúdlik biwiis dêrfan is it sukses fan it *Etymologisch Woordenboek* fan dr. Jan de Vries, útkommen yn de min ofte mear populair bidoelde searje Aula-pockets. Sûnder mis hat de tafoeging op de titel, ”Waar komen onze woorden en plaatsnamen vandaan?" in goede reklame west foar de forsprieding ûnder net-taelkundige lêzers. Yn 1958 kaem de earste printinge út, en yn 1967 wie der al in 7de fan. Dêrmei is wol it biwiis levere, dat ek de „leek" bilangstelling hat foar it komôf fan de wurden.

Yn dat ljocht moat it bisykjen fan prof. Buma om ek de Friezen har etymologysk wurdboek to biskikken, steld wurde. It tal Frisisten en oare taelkundigen is wol tige biheind, dat sadwaende sil binammen ek op de sneupers op taelkundich mêd as brûkers fan it wurdboek rekkene wurde moatte. It doel har to geriven hat prof. Buma him dan ek steld, sa't dúdlik útkomt oan 'e ein fan syn ynliedinkje op it `Priuwke' dêr't ik inkelde opmerkings by meitsje wol.

Prof. Buma stelt sels de frage, hwat de brûker fan in Frysk etymologysk wurdboek forwachtet. It is tige noedlik om yn inkelde wurden oan to jaen, hwer't de grins lizze moat fan de wurden dy't al en dy't net opnommen wurde. As it my net mist, is it gebrûk om út to gean fan in bisteand algemien, forklearjend wurdboek. Sa hat dr. Jan de Vries foar syn *Nederlands Etymologisch Woordenboek* (1963-?) de wurdfoarrie dy't him biskikt waerd troch *Van Dale's Groot Woordenboek der Nederlandse taal* ta grounslach nommen (Voorbericht, blz. IV). Prof. Buma giet út fan de trije dielen fan it *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra (1900-1911), oanfolle lykwols mei de extra's út it *Frysk Wurdboek,* yn 1956 útjown fan de Fryske Akademy, en syn eigen kennis. Dêrby komt de frage op, oft it ek nedich is om dy wurden op to nimmen, dy't Waling Dykstra oantsjut as forâldere. Neffens my hat it wol sin om sokke wurden, as *aetke, âlde, amme,* op to nimmen. Ommers de yn it *Friesch Woordenboek* gearbrochte wurdfoarrie is dochs wol biheind ta it wichtichste dat sûnt 1600 yn it Frysk skreaun is en dat smyt net sa'n bulte wurden op, dy't om 1900 hinne al alhiel forâldere binne. Ek de frage, oft de wurden dy't sûnt Waling Dykstra forâldere binne, en dy't dus ornaris net mear yn it *Frysk Wurdboek* foarkomme, opnommen wurde moatte, soe ik mei noch mear klam mei ja biantwurdzje wolle. De brûker fan it Frysk Etymologysk Wurdboek (FEW) sil wis wol ek âldere lektuer, d.w.s. út de 19de ieu, ûnder eagen krije. Hwerearne soed er dy wurden dan sykje moatte, as it FEW se net jowt? Boppedat, it rychje dat Buma út dat skift as foarbylden jowt, is net sa great.

Hiel oars leit it lân der hinne mei de ynternasjonale frjemde wurden. Yn in wurdboek dat it hjoeddeiske Frysk biskriuwt, bgl. it wurdboek dat de Fryske Akademy yn biwurking hat op it "Coulonhûs", kinne sokke ynkringers net mist wurde. Eltse Fries, ek as er Frysk praet, brûkt se wol. Soene se dy weilitte, dan krigen wy in ûnfolslein byld fan it libbene Frysk. Mar dat slút neffens my noch net yn, dat sokke wurden, dy't dúdlik moderne ûntlieningen binne, foar it measte part út it Hollânsk, nou ek allegearre mei ham en gram yn it FEW folslein en wiidweidich bihannele wurde moatte. Ik tink bgl. oan *adres, album, ananas, asfalt, atoom.* Se binne dúdlik fan frjemd komôf en hwat it wichtichste is, se hawwe hielendal gjin skiednis yn it Frysk. Gjin foroaring fan foarm, noch fan bitsjutting hawwe se yn it Frysk ûndergien, der is gjin útwindige, noch ynwindige wurdskiednis mei mank. Soe yn sokke gefallen tige koart kriemen en forwizen nei it NEW net de baes wêze? Wer oars is it mei wurden fan it soarte fan *abbekaet, absolúsje.* Hjir is lûdforoaring yn it Frysk oanwêzich; se moatte abslút opnommen wurde. Om deselde reden ek *advint,* mar by *advys* ha wy allinnich staveringsforskil.

It stellen fan de fraech nei de bigrinzing fan it tal wurden, slút mei-iens de fraech yn nei it bistek fan it folsleine wurdboek. Foar de letter A hat Buma 49 siden brûkt. Utgeande fan it ta grounslach nommen *Friesch Woordenboek* mei sa likernôch 1466 siden, kom ik ta in omfang fan 1108 siden foar it hiele FEW. Dat is, de lytsere blêdspegel fan *Us Wurk* rekkene, in boek fan sa'n 890 greate siden, sa likernôch as it *Etymologisch Woordenboek* van Franck-Van Wijk. Is it finansieel mûglik, dat der nei forrin fan in ridlike tiid sa'n tsjok FEW forskynt? Kin ien man dat nou noch oer net al to folle jierren gearstalle? Fan it antwurd op dy fragen hinget it ôf, hoe folslein it boek wurde moat of kin.

Nou wurdt dy omfang net allinnich biskaet fan it tal wurden, dat opnommen wurdt, mar ek fan it tal rigels dat foar elts wurd nedich is. Hjirmei komt in oare kwestje oan de oarder, ntl. dy fan de opset en de útwurking fan de lemmata. Mei rjocht en reden seit prof. Buma yn syn ynlieding, dat it nedich is om fan elts wurd op to jaen yn hokker foarm it yn it âldfrysk en it midfrysk foarkomt, as it alteast oerlevere is. Dat de skriuwer him dêrby biheint ta it tagonklike materiael en net wachtsje sil oant er alles folslein ta syn foldwaen hat, kin men fan tinken wol ha. As men jins easken foar de folsleinens to heech set, komt it FEW der nea. Yn dat forbân hat in Frânsman ris sein: "Seul Dieu peut faire un bon dictionnaire".

In twadde frage snijt prof. Buma oan as er it hat oer it opnimmen fan de Fryske tongslaggen. Dat fan alle tongslaggen gjin folsleine wurdlisten bisteane, is fansels spitich, mar it brûken fan hwat der nou is, hoecht dêrom neffens my net oer to gean. As in dialektyske fariant hjoed de dei net mear bistiet, mar wol út 1900 optekene is en in ynsjoch jowt yn de eksterne wurdskiednis, dan moat dy fansels altyd opnommen wurde. Sa leit it lân der ek hinne mei de Noardfryske tongslaggen. Ik soe der op út wolle en brûk hwat brûkber is, ek al kin dat net altiten neffens de bêste boarnen. It wol my net oan, dat in wurdsamling út likernôch 1900 nou hielendal ûnbrûkber wêze soe; dat de útspraek sont sa'n butte foroare wêze soe. Alles hwat de ynwindige of útwindige wurdskiednis forklearje kin, fortsjinnet brûkt to wurden.

Bliuwt noch in wichtige frage, ek biskiedend foar it bistek fan in lemma. Prof. Buma seit yn syn ynlieding neat oer de bigrinzing dy't er fan doel is oan de skiednis fan de wurden to stellen. By it skriuwen fan in lemma kin immen him biheine ta de yntern Fryske skiednis fan in wurd. Utgeande fan de hjoeddeiske foarm en bitsjutting kin er opjaen yn hokker foarmen en bitsjuttings it wurd ek fuorkomt yn de Fryske tongslaggen, yn it midfrysk en yn it âldfrysk, en dat alles mei in forklearring. Neffens de gongbere opfetting fan in etymologysk wurdboek is dy bigrinzing fansels to ing. By útwreiding kin in yntern Germaenske skiednis jown wurde. Neist it Frysk komme ek de oare Germaenske talen op 'e lappen. Noch in stap fierder giet in yntern yndogermaenske skiednis. Der wurdt forbân socht mei de yndogermaenske talen en wy sjogge forwizings nei it latyn of it gryksk, sels nei it slavysk en der komme russyske of bulgaerske wurden to praet. De uterste grins is dan it sanskryt en it lemma rint út op in yndogermaenske woartel. Dat Buma him dy lêste omfieming ta idéael stelt, docht bliken út de opbou fan syn lemmata. As it mar mûglik is, rinne se út op in yndogermaenske woartel en in forwizing nei Pokorny's *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch*. Nou wol ik fansels gjin kwea sizze fan sa'n opset; dêryn is elts frij man, mar sûnt it wurk fan Jost Trier is de yndogermaenske woartel net mear it heechste ideael fan de etymolooch.

As men de lemmata dy't prof. Buma as in priuwke fan in FEW jowt, ris trochlêst, falt it jin hieltyd op, dat er in great plak ynskikt oan de Skandinavyske talen. Mar hat it folle doel, binammen by de ynternasionale lienwurden, om krekt to witten hoe't it wurd der yn alle Skandinavyske talen útsjocht? Foar it Frysk smiet dat dochs neat op? Ik haw al efkes wiisd op it problematyske fan it opnimmen fan wurden as *ananas, atoom* ensf., mar sa is it ek mei *Afrika.* Heart sa'n eigennamme nou yn in Frysk ôfliedkundich wurdboek? In wurd as *abselon* soe ik om de ynwindige wurdskiednis perfoarst net misse wolle, mar hie ûnder dat lemma net efkes wiisd wurde moatten op de oergong *m* to *n?* De eigennamme is ommers *Absalom.* Hjir hawwe wy faeks wol to krijen mei analogy nei oare bibelske nammen as Ammon, Amon, Elon, Simeon, faeks ek noch de roomske foarmen as Samson en Salomon.

Tige wiis moat men ek wêze mei de datearring fan wurden en foarmen. Dat smyt fansels wol wer problemen op, bgl. by de wurden út Gysbert Japiks syn wurk. Ornaris jowt prof. Buma it jiertal 1668, it jier fan it útkommen fan de Boalserter printinge fan de *Friesche Rymlerye.* In inkelde kear, bgl. as it wurd fuortkomt út in datearre brief fan Gysbert, wurdt it krekte jier opjown, bgl. s.v. *april*: 1655. Mar hwat dan mei *amme,* yn it lemma *ame* neamd, dêr't 1668 by stiet? It sitearre plak lykwols - *Wurken* 281, 92 - fine wy yn *Yen suwnerlinge forhanlinge fen Libbjen in fen Stearen,* en dy wurdt it earst printe yn de Ljouwerter útjefte fan 1681. Dat it jier fan útjefte wurdt net konsekwint folge. Nou kin úthâlden wurde, dat hwat yn 1681 fan Gabbema útjown wurdt, der ek al yn 1668 wie, doe't Haringhouk de Boalserter edysje op 'e parse lei. Mar dan soe ik leaver it stjerjier fan Gysbert, 1666, as terminus ante quem opjaen. Sub voce *âld* wurdt de foarm *aad* opjown mei de datearring 1640. Dy is nammentlik yn dy stavering yn de earste

printinge fan de *Friessche Tjerne*, 1640, to finen, edysje P. Sipma, r. 40. Mar hwerom is dan s.v. *allyk* by de fan Gysbert brûkte foarm *allijck* allinnich it jier 1668 opjown? Presiis yn dizze stavering komt it wurd ek al foar yn de *Friessche Tjerne* fan 1640, edysje-Sipma, r. 17.

As ik Buma syn systeem út de foarbylden goed bigrepen haw, wurdt Gysbert Japiks allinnich opjown, as syn foarm de âldste is. Sub voce *almachtich* fine wy fan gefolgen Gysbert net, om't it âldste fynplak yn dy foarm in oarkonde út 1479 is. Gysbert hat it wurd ek wol, mar om't er dat op de selde wize staveret, fornimme wy dat net. In wurd as *anker* hat Gysbert ek, sa't bliken docht út it wurdboek fan Epkema. Mar om't Petrus Baardt, printe yn 1640*, ancker* staveret, krijt dy wol in formelding en Gysbert, printe yn 1668*,* net. Dêr tsjinoer fine wy Gysbert wol apart opjown s.v. *allikewol,* allinnich om't hy dat wurd mei *y* en *ck* skriuwt. It staveringsforskil is dus biskiedend foar it al of net opnimmen. Op sa'n wize krije wy in skiednis fan de stavering en dat liket my net it doel fan in ôfliedkundich wurdboek ta. Soe der net in bulte foar to sizzen wêze en lit by elts wurd útkomme oft Gysbert it al of net hat, sûnder dat de stavering biskiedend is? Net eltsenien hat it wurdboek fan Epkema by de hân. Dat Buma syn systeem wolris forlit, sjogge wy s.v. *algemien,* dêr't er mei sa folle wurden seit, dat it by Gysbert mist. Ik soe der wol wiis mei wêze, as ik by elts wurd fuortendaliks sjen koe, oft Gysbert it hat of net. En as dat om de romte in biswier is, dan soe ik dêr tsjin yn lizze wolle, dat it foar de Fryske lêzer dochs wichtiger is om to witten oft Gysbert in wurd brûkt, as dat er krekt sjocht yn hokker frjemde talen it ek noch bistiet; fgl. s.v. *apel,* dêr't sels poalsk en russysk opjown wurde. En hwa is der bliid mei, dat er yn it lemma *averij* lêze kin, dat it arabyske grounwurd ek yn it russysk oergien is? Dêryn soe by need romte útsparre wurde kinne. Neffens my sit der yn de opset fan Buma wol it gefaer, dat it boek fiersten to great wurdt, dus nea klear komt en nea útjown wurde sil. Dat soe tige spitich wêze. It priuwke dat er ús biskikt hat, smakket nei mear, it falt der o sa skoan yn.

Driget faker as ienris in tofolle, in inkelde kear stjit men dochs op in tomin. Oan 'e ein fan it wurd *aep* forwiist prof. Buma nei de bitsjutting fan mnd. *āpe* en *āpengēter* sûnder lykwols dy bitsjutting op to jaen. Mar net eltsenien ken dy wurden, of hat in Lübben of in Lasch und Borchling ta syn foldwaen.

Fansels sil der foar in definitive útjefte noch wol hwat oan de tekst bislipe wurde moatte. In stik mannich robbeltsjes wol ik noch signalearje. As ôfkoarting fan it *Woordenboek der Nederlandsche Taal* fine wy it wenstige WNT. (de stip is eins tofolle), mar ek wolris W.N.T. Sub voce *aksint* wurde alle Skandinavyske talen apart neamd, mar s.v. *argumint* stiet allinnich ‚skand.", hwat my better taliket. Ungelyk ek is de bihandeling fan it arabyske lidwurd *al* yn de ûnderskate wurden. By *albatros* wurdt sein, dat it lidwurd *al* ek sit yn *algebra, alkohol, alkoof* en *almenak.* Mar s.v. *alkohol* wurdt dat *al* net apart as lidwurd neamd en by *almanak* komt it arabysk hielendal net to praet: it is in gryksk wurd. Ienheit mist ek yn it sitearjen fan de wurdbitsjutting. Yn it lemma *âlje* forwiist Buma nei Kiliaen en lit dan dy syn bitsjuttingen yn it latyn, de tael dy't Kiliaen brûkt, folgje. Mar nei Epkema en Brandsma forwiist er mei de meidieling, dat it wurd 'skreauwe'

bitsjut, wylst Brandsma op it oanjowne plak hat "schreeuwen, spotten, leuteren". By in wurd as *achteheal* freegje ik my ôf, oft it de bidoeling is om al sokke gearstallingen, as *fyfteheal, oardeheal* etc., ek sa op to nimmen. Hwer is dan de ein? In forsin stiet oan 'e ein fan it lemma *ambacht,* dêr't Buma it Nederlânske *ambassade* to praet bringt. As Frysk wurd neamt er it net. Mar net allinnich heart it hjir dus hielendal net thús, de forbining mei *ambacht* is likemin yn 'e es. *Ambassade* hat in hiel oar komôf. Yn syn bisprek fan it NEW fan Jan de Vries signalearret De Tollenaere, *Tijdschr. voor Nedl. taal- en letterkunde,* deel 85 (1969), s. 228, dy selde flater by Jan de Vries. It falt jin op, dat it wurd *anel* net allinnich in tige wiidweidige biskriuwing kriget, mar ek dat it lemma in ûngewoan greate literatueropjefte hat. Wie der in spesiale reden om dat hjir sa folslein op to jaen? In great part fan de lemmata rint út op de forwizing nei J. Pokorny, *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch.* It sil wol de bidoeling wêze en tsjut in wurk as dit yn de definitive redaksje oan mei allinnich de letters IEW, sûnder stipke, sa't de ynternasionale wenst is. Soks kin by mear wurken dy't hieltiten neamd wurde. Om't by dit priuwke noch gjin list fan ôfkoartingen opnommen is, binne ytlike gauris brûkte forwizings wiidweidiger as om de romte winsklik is. Yn sa'n list kin dan ek oanjown wurde, hokker printinge fan Schönfelds *Hist. Grammatika van het Nederlands* brûkt is. Noch in frage: Wit eltsenien wol, hwat „M. Lasis 1668" bitsjut? In oanfolling mei `Gysb. Jap. Wurken, X, 3' liket my net oerstallich ta.

In moai lemma is dat oer *aveklap* en in oanwinst ek foar de forklearring fan it Nederlânske *haverklap,* dat Jan de Vries yn syn NEW hielendal net opjowt, wylst Franck - Van Wijk harren forklearring "waarschijnlijk onjuist" neamden. Ek *azynhout,* ûntliend oan it Nederlânsk, it 18ste lemma fan prof. Buma syn priuwke, sykje wy omdôch by Franck - Van Wijk - Van Haeringen en ek by De Vries. En it is dochs wol in nijsgjirrich wurd, docht bliken.

Mar net sa sear om de oanfollingen op it NEW kinne wy bliid wêze mei it treflik wurk, dat prof. Buma ús biskikt hat. Neist ús tank foar dit dochs wol tige wiidweidige wurk, al wurdt it dan biskieden as in `priuwke' oankundige, fortsjinnet prof. Buma binammen foar de treflikens dêrfan ús hulde. It is to hoopjen, dat er by steat wêze sil dien wurk to meitsjen, nettsjinsteande dat de opset wol tige wiidfiemjend is foar ien man, dy't bûtendat ek noch in bulte oar treflik wurk op priemmen hat.

Hilversum, 11 jannewaris 1970. *E.G.A. Galama.*